

Bedoeld foar beljochters, dekôrbouwers, karmasters, kostúmmakkers, lûdtechnisy, regisseurs, rekwisiteurs, ynstekkers, spilers en oare toanielgekken.

Kopiearje is tastien

Redaksje: STAF, Postbus 1288, 8900 CG Ljouwert. tel.: 058-2343434, fax: 058-2343499, E-mail: a.stolte@keunstwurk.nl

Rêst en ûnrêst

As de slútjûnen der wer binne dan is ek de maaitiid oanbrutsen en kinne we de simmer wer temjitte sjen. Dat betsjut foar de measte toanielferienings efkes rêst nei de spanning fan it repetearjen, it spyljen en de kriich. Dochs is dy rêst mar skyn want stil op it mêd fan toaniel is it nea yn Fryslân. De repetysjes foar de iepenloftstikken binne ommers al drok oan'e gong en de lêskommisjes brekke har hollen op dit stuit wer oer in nij stik foar it kommende winterskoft. Soks jildt ek foar it bestjoer fan STAF. Wy hawwe ús koartlyn bûgd oer in tal saken dat ús omtinken hat. Bygelyks de kriich, hoe kinne wy der soarch foar drage dat it tal dielnimmers oan de kriich wer tanimt. Wy binne dwaande dit te hifkjen by in tal oansletten ferienings dat al in skoftke net mear mei docht oan'e kriich. Op dizze wize hoopje wy ynformaasje te sammeljen om der efter te kommen wêr dit oan lizze kin. As wy hjir in dúdlik byld fan krije kinne dan sille wy besykje om hjir wat mei te dwaan. Sa binne wy ek dwaande de oansletten ferienings oan te skriuwen om harren út te noegjen oan te sluten by STAF. Fierders ha

wy de slútjûnen op it aljemint hân. Foldogge dy noch wol oan de hjoeddeiske winsken of moatte wy dit faaks yn in wat oare foarm dwaan. Wy hearre hjir lûden oer út it fjild en ûndersykje no of wy hjir ek op ynspylje moatte. Fierders docht bliken dat it foar it jongerein-toaniel dreech is om de kontinuïteit te bewarjen. Soks hat faaks te meitsjen mei it patroan fan de jongerein dy't it drok hat mei in protte saken, wêrby net altyd romte jûn wurdt oan toaniel. Wy sille sjen as wy hjir mei in oanpaste opset ek ferbettering yn bringe kinne. Hjirby wolle wy yn elts gefal fêsthâlde oan in jierliks jongereinfestival. Ek in foarnimmen is dat wy stipe jaan wolle oan it ta stân kommen fan oarspronklik of oerset Frysk toaniel. Wy tinke der oer om hjirfoar in jierlikse toanielpriis ta te kinnen. Wy wolle hjirmei net allinne in treflike prestaasje beleanje mar hoopje fansels ek dat sa'n toanielpriis stimulearjend wurket foar mear minsken om it ek ris te besykjen. Sa docht bliken dat dy rêst mar skyn is en dat er noch hiel wat barre moat om al ús ambysjes en foarnimmens wier te meitsjen. Wy dogge ús bêst en derby hoopje wy fansels op in noflikke simmer,

sadat elts him wer oplade kin foar in aktyf en ynspirearjend nij toanielseizoen.

Henk de Glee, foarsitter

De toanielkriich op 'e televyzje !!!

Freed 16 maart wie der in kameraploech fan Omrop Fryslân nei Stynsgea tein om opnames te meitsjen oangeande de toanielkriich fan STAF. Der is in ympresje makke fan de karmasters en fan it selskip. Elts hat syn eigen wize fan tarieden op de foarstelling. De karmasters wiene Anne van Oosten en Sjoukje Hoekstra. Nei de slútjûnen sil der in reportaasje te sjen wêze yn it programma Brekking. Dei en tiid sille noch bekend makke wurde.

Regiojûn

Nei oanlieding fan it spanningsfjild dat der altiten is tusken toanielprestaasjes en it beoardieljen derfan hie STAF him, ta doel steld in jûn te organisearjen foar selskippen, spilers, regisseurs en karmasters mei elkoar.

Selskippen, tegearre mei de regisseur binne in hiel skoft dwaande om in slagge útfiering te kreëarjen. Se lizze der ek har hiele siel en sâlichheid yn. It wurdt in bytsje harren bern. Se hawwe ek te krijen mei betûfte en minder erfaren spilers. Se weagje it om yn kriichferbân, mei te dwaan oan in objektive beoardieling troch karmasters mei mear en minder erfaring en oplieding. Minsken, dy 't njonken harren deistige wurk, tiid frij meitsje soks te dwaan. Altiten yn 'e lette oerkes yn it wykein. Lykwols mei in soad ynset en nocht. Soms ek noch neist oare aktiviteiten as toaniel spyljen en regisearjen. Karmasters witte meastal ek wol dat hja hoeden mei it oardiel omgean moatte. Beoardiele wurde jout spanning. It is in keunst, om soks te oanfurdigjen en ek oan 'e oare kant om it akseptabel te bringen!

Froukje van Houten, dosint drama oan 'e oplieding Drama N.H.L., liede tegearre mei Jan Arendz dizze jûn.

De karmasters hiene ûnder lieding fan Froukje al earder mei kommunikaasje dwaande west. Hoe pakke jo in neipetear oan.

Nijsgjirrich, jo komme al moai gau ta de konklúzje, dat petear fiere fakmjittich hiel wat om 'e hakken hat.

Bliuwt stean : Amateurs beoardielje Amateurs!

In gerêststelling wie it, dat jo altiten sizze meie, wat jo sjogge, net altiten daliks wat jo fine! It giet foaral om de wize wêr op!

Dizze jûn krigen de oanwêzigen noch ris de kâns harren te bejaan yn in beoardieling ûnder har lieding.

Selskip „Meiinoar Ien“ út Drylts spile in pear sênes foar ús út harren stik „Dokterke Boartsje“. In klucht. Regisseur Teun Ram leit út, wêr't hy foarearst mei siet

oangeande de m.e.s., hiel iepen.

Letter kamen noch wriuwings oan bar oangeande karmasterjen, klachten en ferwachtings. Elts joech him wol wat bleat. Soks is goed en soarget foar begryp oer en wer. Wat dogge wy der fierder mei?

Spitich, dat fan de 137 oansletten selskippen mar 14 opdaagjen kamen. It wie dochs foaral harren jûn!


Blykber is elts wol aardich tefreden oer it neipetear.

J.D.

OPROP

Hokker selskip, hat foar Freed 19 oktober 2007 in blijspul of in oar fleurich toanielstik om op te fieren by krite "Us Memmetael" te Beverwyk. Kontakt: G.Klaassens Ardennenlaan 45 1966 RS Heemskerker geertklaassens@planet.nl

JAN CALSBEEK eks-karmaster



“Jan, mei Jelle Terwal. Soest ek in kolom skriuwe kinne foar de Nijsbrief, oer 60 jier karmasterjen, no'st der mei ophâldst?” In telefoantsje middeis krekt nei iten. “Ja mar dêr haw ik al faker oer skreaun, karmasterferhaaltsjes en sa.” “No der is fêst noch wol wat

datst der oer kwyt wolst?” “Hawar, ik besykje it wol.”

Mar no, is der noch wat dat ik nedich kwyt moat? Och winliken net, ja faaks dit, men sjocht my as karmaster, omdat ik gau begûn bin (*tafal, ús Heit wie kriichlieder en hie ynienen op in sneontemiddei troch sykte ferlet fan in tredde karmaster*) en der wol nocht oan hie en troch gie yn in tiid dat der mar krap karmasters wiene. Op in stuit hie ik it bestjoerswurk fan it “BOUN” der oan jaan moatten en fielde it doe wat as in plicht, om oar toanielwurk dêr foar te dwaan. Dat draaide ien kear út op sa'n 15 beurten yn ien winterskoft as karmaster. Net goed fansels, lokkich kaam der oanfolling.

Mar wat ik no kwyt woe is dit, dat karmasterjen hat foar my nea haadsaak west. My ferdjipje yn alle saken dy't op en om it toaniel en it toanielspyljen draaie, dat lei my.

As skoalbern mochten we by de generale rippetysjes sjen en de “neistikjes”, sa as de ienakters doe neamd waarden, spilen we nei op de jierdei fan juffer, omdat dy aardich midden yn it toanielseizoen foel. Meast hie ik de regy en in lyts gek roltsje.

Doe't ik in jier as 9-10 wie, wie it altyd prachtich as de brief mei it karferslach kaam. Heit, regisseur en skriuwer fan it Lekkumer toaniel, lies dy dan ûnder it kofjedrinken foar en myn grutte bruorren hienen kommentaar. Jimme sjogge, myn kriichskiednis is al hiel lang. Heit wie doe ek al karmaster en letter kriichlieder.

Wat in grut ferskil wie tusken it karmasterjen fan doe en no, wie wol dat de klam doe sterk by de spilers lei en no by it ensemble en dan kriget de regy gau de measte klam.

Earder waarden op de slútjûnen net allinne de prizen

foar de selskippen bekend makke, mar ek de (rol)nammen fan de spilers mei de heechste punten. Soks hat binnen guon selskippen wolris foar wat trammelant en skeane eagen soarge.

Yn it earstoan wie myn karmasterstaak tige beheind, ik wie ynfalkrêft, benammen ek omdat ik troch de tsjinstplicht net altyd foar hannen wie. Doe die ús heit mear in berop op myn faam, Akke.

Troch dat karmasterjen rekke ik wol op allerhande plakken behelle yn it toaniel. Men hie my alris by dat lampke sitten sjoen, of it wie bekend dat ik de soan wie fan....! Ik spile sa foar de kuorbal yn Sigerswâld en staatspensionering yn Bakkefean. Krekt troud leinen we mei ús wenskip yn Holwert, dêr hie ik alris karmastere en no waard ik frege of ik ynstekke woe, want de ynstekster wie ferhuze. By de twadde rippe-tysje wie de regisseuse net goed en foel ik wat foar har yn, want der wie dochs noch gjin rol leard. De frou hat der noch ien kear wer west, mar rekke doe foar in hiel skoft siik en ik bleau ynstekken en regissearjen. Sa siet ik by de opfiering flûsterjend en te plak wizend yn de "bak", ûnderwilens ek noch it knyn, dat meispile, mar ûntkaam, mei in greep yn it nekfel feilichstellend op myn knibbels. De karmasters hienen wol in opmerking oer de hannen dy't út de ynstekkersbak fladderden.

Alles oan toaniel boeit my, spylje, skriuwe, oersetse, regissearje en ek karmasterje en al hâldt ik dêr no mei op, ik soe stomme graach wer in kear op de planken stean.

Yn K-rûte sei Jelmar justerjûn, dat se graach wat mei bern op Omrop Fryslân dwaan woe. Ik tocht fanke sjoch ek de oare kant in kear út.

AKKRUM, 6-4-2007
Jan Calsbeek

JONGEREIN IENAKTERDEI

17-03-06

Raerd hie snein in primeur yn it Doarpshûs: in dei foar jongereintoaniel, organisearre troch STAF.

Trije jongerein groepen, Raerd, Warten en Bantegea lieten oan mekoar sjen hoe 't se dwaande binne mei toaniel.

Raerd spile in stik út "Drive Inn" fan Richard Hellesen. Yn dit stik komme jongeren as spantsjes, freondinnen en freonen nei de drive inn, foar de film??? of spylje oare saken in wichtiger rol?

Bantegea stie op 'e planken mei teatersport. Se krigen fan it publyk in emoasje en in plak opjûn en moasten dat dan útspylje. Ek dienen se 'cluedo', in spul wêrby it publyk in plak, in berop en in moardwapen opjout, en dat moat oan mekoar trochjûn wurde mei gebaren.

Studinten fan de oplieding "welzijn / theater" fan de Friese Poort hiene de lieding oer ferskate workshops.

Dizze studinten wolle graach gearwurkje mei jongerein ploegen en helpe by de regy.

Al mei al in tige slagge dei, mei dank oan STAF, en net yn it lêste plak oan Andrea Kroes, de spil fan de organisaasje.

In ferfolch op dizze dei sil plakfine op 21 april yn Ljouwert: de jongereinteaterei 2007. Dat is in dei foar alle jongerein ploegen út de hiele provinsje Fryslân.

Opjaan kin bei:

FRATS -postbus 1288 -
8900 CG Ljouwert.

JONGEREINDEI in dosint

De middei begûn mei in ienakter en dernei in warming-up troch Wouter Daane. Jongeren út trije

doarpen stiene wat skruten op de flier. En ek tidens de earste workshop wiene se noch wat unseker. Mar al nei in pear oefeningen krige de enerzjy en it entûsjasme de oerhân.

De jongeren wiene yndielt yn trije groepen mei ien of twa leerlingen fan de oplieding "sociaal cultureel wurk mei teater" as dosint. Elke groep behannele syn eigen dingen op it mêd fan teater. De iene groep behannele sa folle moglik út de teaterwrâld, sa as, spylje fan út in hâlding, spylje fan út in tekst, teatersport, ritme, spylje mei emoasje, en sa fuort hinne. In oare groep hie it allinne oer teatersport en ik behannele mei myn groep emoasjes fêsthalde en fergrutsje.

Nei de earste workshop en it skoft wie der wer in ienakter te sjen. Leuk om op te merken is, dat der sa'n soad jongeren yn harren doarp toanielspylje! En ek sa'n soad jongens, dy't der hartstikke nuchter oer wiene. Mar ik fûn it wol bysûnder.

Nei trije workshops hie eltse groep in presentaasje tared. It resultaat wie tige moai! De jongeren lieten yn 10 minuten stik foar stik sjen wat se koene en wer't se oan wurke hiene. De teatersporters spilen, dat se op in flot sieten en alles wat se diene en seine wie op dat momint betocht. De groep dy't sa folle behannele hie, hie ek sa folle moglik op it podium set; tekst yn mobyltsjes, by elkoar stean, prate, út elkoar rinne en op 'e ein in hiel moai liet. Myn groep die oefeningen út de workshops, mar dan wat teatraal byelkoar foege. En op 'e ein eat mei ritme, gewoan omdat dat leuk wie om te dwaan.

Wouter Daane omskreau de middei noch efkes en it kloppe hielendal, wat foaral foar ús as "dosinten" goed wie om te hearen.

It wie in slagge dei. Alles, ek dat wat oars rûn dan eins moast, rûn goed. Eltsenien koe him rêde mei de konsumpsjes en de sfear wie hiel gemoedlik. It wie in learsumme dei, mar foaral gewoan leuk om te dwaan...

Nynke
Leerling sociaal cultureel wurk mei teater.

Selskippen, dy't mei jongerein oan de slach wolle of belangstelling hawwe foar sa'n dei, kinne harren opjaan by STAF. De bedoeling is, dat sa'n trije of fjouwer jongereinploegen in leuke dei mei elkoar hawwe mei bygelyks workshops en útfieringen. Lit it dan no witte oan STAF.

DISKUSJEHOEKE

Bêste Piet,

Party minsken en selskippen binne net tevreden mei de klasse-yndieling fan de kriich. Der binne no fiif klassen mei yn de fjouwer heechste klassen in fêst tal selskippen. Dêrmei kin men net oan de klasse sjen op hokker nivo der spile wurdt. Sa kin it barre, dat in selskip, dat op itselde gemiddelde tal punten stean bliuwt nei in legere klasse moat om't der in selskip út in legere klasse mear punten skoart en gemiddeld krekt efkes heger útkomt. Ik soe leaver sjen, dat de klasse-yndieling der sa útsjen soe: Eareklasse 240 pnt of mear
By Utstek 225 o/m 239,9
1e klasse 210 o/m 224,9
2e klasse 195 o/m 209,9
3e klasse 194,9 en leger

Mei freonlike groetnis,

Jelle.

Bêste Jelle,

Wat silst no allegear oeral helje. Dû draaist de klok wer jierren werom. Eartiids bestie de yndieling, sa't dû dy no útstelst. Mar wat barde der doe? De iene klasse rûn leech en de oare klasse waard fiersten te grut. En dat jout in wat skeve kompetysje. Yn de BFT-tiid is doe besletten ta de yndieling dy't wy no hawwe. Nammentlik in fêst tal selskippen yn klassen. En yndie kin dan in selskip, dat op in heger gemiddelde útkomt in selskip, dat op itselde gemiddelde stean bliuwt foarby stribje. Mar wat is dêr mis mei? De 15 selskippen mei it heechste gemiddelde sitte yn de heechste klasse ensfh.

Ik soe wol ris witte wolle wat de selskippen hjir fan fine.

Mei freonlike groetnis,

Piet.

STAF fernimt graach de reaksjes fan de selskippen op de diskusje tusken Jelle en Piet.

Begelieding Selskippen

Fansels binne der by selskippen faak geôch swirrichheden. En meastentiids sil in selskip dat sels ek wol oplosse. Oeral is wol ris wat. Mar der kinne sitewaasjes wêze op bestjoerlik of organisatoarysk mêd wêr't it bestjoer it swier mei hat. It fuortbestean fan in selskip soe bygelyks yn gefaar komme kinne. Wit dan, dat jim selskip dan by STAF terjochte kin. It STAF-bestjoer is der foar de selskippen en as it nedich is kin in selskip oan de skille lûke. En doch dat net te let. Wy sette ús graach yn om mei it selskip nei in goede oplossing te sykjen. In telefoantsje of e-mail nei Piet Zeilstra is

genôch: 06-22958655 /
piet.zeilstra@achmea.nl

Karmastersslútjûn woansdei 23 maaie

Op de karmastersslútjûn fan woansdei 23 maaie sil it toanielwinterskoft 2006-2007 wer op ûnderhâldende wize ôfsletten wurde troch alle karmasters fan STAF. De ûnderfinings fan dit winterskoft sille noch wer efkes ûnder it genot fan in hapke en in snapke mei elkoar bepraat wurde

?GELIKENIS? POER TAFAL

Toanielbloed skaait nei. As jo al in skofke meidraaie falt dat hieltyd mear op. Sjoch mar nei it ferhaal fan Jan Calsbeek. Hoe faak bart it net, dat in bepaalde spiler yn 't each springt en dat in oar jo fertelt: Ja, mar dat is ien fan dy en dy en in neef fan har en syn suster spilet ommers dêr by

Yn Stiensgea spile it stik "In doaze fol krommen". De mem en de dochter yn dat stik hawwe yn it deistich libben deselde rolferdieling. Yn Sint Nyk meitsje se it hielendal bûnt. Mem skreau en regissearre "Iepen Doekje" en har fjouwer bern spilen der yn mei. De heit fan dit gesin hat nei alle fiif útfieringen west: "Ik haw my alle kearen ta de teannen út fermakke en oars sitte jo dochs mar wat allinne thús".

